

## 2

# Modellen en prinsipes fan twatalich ûnderwiis

Fryslân is in twatalige provinsje. It belied is derop rjochte om bern op skoalle taalfeardich te meitsjen yn twa talen: it Frysk en it Nederlânsk.

Mei twatalich ûnderwiis kin de skoalle dit belied stal jaan.

Yn dit haadstik sille wy earst yngean op wat twatalich ûnderwiis is. Foar it ynrjochtsjen fan twatalich ûnderwiis binne der ferskillende mooglikheden.

Dy mooglike modellen besprekke wy ek yn 'e earste paragraaf. Wy sille dêrby oanjaan hokker modellen foar Fryslân it meast gaadlik binne. Yn 'e twadde paragraaf beskriuwe wy dêrnei in tal prinsipes dy't fan belang binne foar suksesfol ûnderwiis yn twa talen.

Wy hawwe it hieltyd oer twataligens, mar it ferhaal jildt likegoed foar meartaligens yn it algemien. Ek foar skoallen yn it projekt De trijetalige skoalle en foar oare skoallen dy't ek oandacht jaan wolle oan eigen streek- of allochtoane libjende talen, binne de modellen en prinsipes fan belang. Wy slute ôf mei in tal oandachtspunten.

## 2.1 Foarmen fan twatalich ûnderwiis

### Wat is twatalich ûnderwiis?

Wannear kin men prate fan in twatalige skoalle? Is bygelyks in skoalle dy't alle lessen yn it Nederlânsk jout (ynstruksjetaal Nederlânsk) en yn eltse groep ien lesroede yn 'e wike besteget oan it Frysk as fak, in twatalige skoalle? Of is dat dochs earder in ientalige skoalle? Is in skoalle dêr't de learlingen in frjemde taal leare, in twatalige skoalle?

Yn dit learplan geane wy derfan út dat in skoalle allinne dan twatalich neamd wurde mei, as de beide talen, yn dit gefal it Frysk en it Nederlânsk, as fak ûnderwiisd wurde én as fiertaal (ynstruksjetaal) by oare fakken brûkt wurde. In skoalle dy't beide talen as fak op it roaster hat, hast alle lessen yn it Nederlânsk jout, alle wiken ien 'Fryske middei' (fiertaal Frysk) hat, is dêrmei in twatalige skoalle.

Hoe't de twa skoaltalen as fiertaal yn it ûnderwiis brûkt wurde, kin yn 'e praktyk bot wikselje. Der binne dan ek ferskillende foarmen fan twatalich ûnderwiis te ûnderskieden. Hjirûnder sille wy dy yn 't koart besprekke.

### Swakke en sterke foarmen fan ûnderwiis yn twataligens

Mooglike foarmen fan twatalich ûnderwiis binne ynventarisearre troch Baker en Jones (1998). Sy binne yn gearfetting werjûn yn it skema op side 36. Yn grutte linen binne de ferskate modellen foar twatalich ûnderwiis yn twa soarten te ferdielen: swakke en sterke foarmen fan ûnderwiis yn twataligens. Fansels binnen net alle foarmen relevant foar de Fryske sitewaasje. Fierderop gean wy yn op de sterke foarmen fan ûnderwiis yn twataligens. Dêr is it stribjen om by de learlingen in lykwichtige en folsleine twataligens te berikken.

Yn de swakke foarmen fan ûnderwiis yn twataligens wurdt der mear of minder rekken hâlden mei de twatalige situaasje fan de skoalle, mar wurdt yn alle gefallen ien fan de twa talen foar it hiele skoalprogramma belangriker achte as de oare. In transysjoneel-twatalich programma (sjoch yn it skema nûmer 4) jout bygelyks omtinken oan de eigen (minderheids)taal fan 'e skoalbern as opstapke (transysje) nei it oanlearen fan de dominante mearderheidstaal. Sa'n programma jildt útsoarte allinnich foar bern dy't yn 'e thússituaasje – wat status oanbelanget – de minderheidstaal prate. Yn Fryslân is dat it Frysk. De skoalle dy't wurket mei in transysjoneel programma jout benammen op grûn fan pedagogysk-didaktyske motiven omtinken oan de minderheidstaal. It bern wurdt op skoalle opfongen yn 'e eigen taal

en de mearderheidstaal (hjr it Nederlânsk) wurdt stadichoan, fanút dy eigen taal oanleard. It transysjonele programma spilet him benammen ôf yn 'e ûnderbou en wurdt yn 'e midden en hegere groepen ôfboud, om't it haaddoel fan it transysjoneel-twatalige programma de behearsking fan de mearderheidstaal is. Sa'n transysjoneel-twatalich programma past net by de easken dy't oan 'e skoallen yn Fryslân stelt wurde. Yn de keardoelen wurdt omers oanjûn dat it ûnderwiisoanbod fan 'e skoallen derop rjochte wêze moat dat de learlingen it Nederlânsk en it Frysk leare te ferstean, te sprekken, te lêzen en te skriuwen.

### **Foar in part twataligens**

De keardoelen jouwe oan dat de behearsking fan 'e minderheidstaal in doel op himsels is: it oanbod fan de skoallen yn Fryslân is rjochte op twataligens by learlingen. It oanbod rjochtet him dêrby op beide groepen learlingen: sawol dyjingen dy't thús Frysk prate as dyjingen dy't thús Nederlânsk prate. Op skoallen yn Fryslân, dêr't eins altyd sawol fan hûs út Frysktalige as Nederlânsktalige bern yn 'e klasse sitte, kriget de minderheidstaal bliuwend omtinken yn 'e hiele skoalperioade, dat wol sizze fan groep 1 oant en mei groep 8. De fiifde oanpak yn ûndersteand skema, dêr't de minderheidstaal yn alle gefallen as fak op it roaster stiet (foar sommige learlingen as twadde of sels frjemde taal), jout foar de Fryske situaasje in minimum útwurking fan de keardoelen wer.

Type oanpak	Bern heart ta	Taal yn 'e klas	Sosjaal doel en ûnderwiisdoel	Doel yn taalútkomst
-------------	---------------	-----------------	-------------------------------	---------------------

**Swakke foarmen fan ûnderwiis yn twataligens**

<b>1 submersion (structured immersion)</b>	taalminderheid	mearderheidstaal	assimilaasje	ientaligens
<b>2 submersion (Withdrawal Classes)</b>	taalminderheid	mearderheidstaal mei 'pull-out' lessen	assimilaasje	ientaligens
<b>3 segregaasje</b>	taalminderheid	minderheidstaal (twongen, gjin kar)	apartheid	ientaligens
<b>4 transysje</b>	taalminderheid	giet fan minderheids- nei mearderheidstaal	assimilaasje	(feitliks) ientaligens
<b>5 'mainstream' mei frjemde taalonderwiis</b>	taalmearderheid, mingde situaasje	mearderheidstaal mei T2- of VT-lessen	beheinde ferriking	foar in part twataligens
<b>6 separaasje</b>	taalminderheid	minderheidstaal (gjin kar mear)	ôfskieding/ autonomy	foar in part twataligens

**Sterke foarmen fan ûnderwiis yn twataligens**

<b>7 immersion</b>	taalmearderheid	twatalich mei earst de klam op T2	pluralisme en ferriking	folsleine twataligens
<b>8 hant-havening</b>	taalminderheid	twatalich mei earst de klam op T1	hanthavening, pluralisme en ferriking	folsleine twataligens
<b>9 two way / dual language</b>	mingde situaasje minderheid en mearderheid	minderheidstaal en mearderheidstaal	hanthavening, pluralisme en ferriking	folsleine twataligens
<b>10 mainstream bilingual</b>	taalmearderheid	twa mearderheidstalen	hanthavening, pluralisme en ferriking	folsleine twataligens

Skema Foarmen fan ûnderwiis yn twataligens (nei Baker en Jones, 1998).

Mei it each op de situaasje yn Fryslân jouwe wy hjirûnder noch in taljochting oer trije oare oanpakken.

### Submersion

Yn 't foarste plak is dat it saneamde **submersion** programma. Yn dit soarte fan ûnderwiis wurde de learlingen dy't thús de minderheidstaal brûke, fan it begjin ôf op skoalle konfrontearre mei de dominante taal. De minderheidstaal wurdt alhiel net as fiertaal brûkt. De minderheidstaal wurdt yn it ûnderwiis net ûntwikkele en feitliks negearre. It doel fan dizze foarm fan ûnderwiis is de ûntwikkeling fan de dominante taal. In goed foarbyld fan dit ûnderwiismodel is it leger ûnderwiis op de measte skoallen yn Fryslân foar de ferplichting, doe't der op dy skoallen noch gjin romte foar ûnderwiis yn it Frysk wie en in protte learlingen wol Frysktalich oan har skoalkarriêre begûnen.

Hjoed de dei is de situaasje feroare. Sawat alle basisskoallen jouwe fan groep 1 ôf (in bytsje) oandacht oan it Frysk en Frysktalige bern binne al foar groep 1, bygelyks op it pjutteboartersplak en troch freontsjes en freondintsjes en de televyzje, fakentiden al in protte yn kontakt kommen mei it Nederlânsk. Dat makket dat dizze foarm foar Fryslân net relevant mear is.

### Immersion

In oanpak krekt oarsom is it **immersion**-programma (sjoch yn it skema nûmer 7). **Underdompelingsskoallen** brûke de minderheidstaal as fiertaal yn 'e klas foar learlingen dy't thús de mearderheidstaal prate. Foar Fryslân: bern dy't fan hûs út Nederlânsk prate, wurde op skoalle 'ûnderdompele' yn it Frysk dat de fiertaal op de hiele skoalle is. Nederlânsk komt heechút as fak oan bod.

It doel is folsleine twataligens te berikken. (It giet hjirby om saneamde mearderjende twataligens, lykas wy yn 'e folgjende paragraaf sjen litte sille.) Troch it konsekwiint brûken fan de minderheidstaal as ynstruksjetaal, leare de bern dy taal al dwaandewei, yn in natuerlike taallearsituaasje. Se nimme om it samar te sizzen in 'taalbad' yn 'e twadde taal. De gedachte dêrachter is dat de dominante standerttaal (i.c. it Nederlânsk) bûten skoalle sterk genôch is en oan bod komt, om ek dy taal by de learlingen foldwaan-de te ûntwikkelen.

De earste ûnderdompelingsskoalle waard oprjochte yn 1965 yn St. Lambert, Montreal. Dêrnei is it model op grutte skaal tapast yn it Frânsktalige Kanada. Ek yn Europa wurdt it immersionprogramma yn 'e praktyk brocht,

bygelyks yn Kataloanië, Spaansk Baskenlân en Wales. Yn Fryslân komt gjin ûnderdompelingsûnderwiis foar. It is wol sa dat de Frysktalige pjutteboartersplakken yn 'e buert fan sa'n programma komme, teminsten foar wat de Nederlânsktalige pjutten oanbelanget, dy't op dizze boartersplakken sitte.

## Dûbele ûnderdompeling: de taalskoalle

Mei it each op de taalsituaasje yn Fryslân mei op de measte skoallen in mingdtalige learlingepopulaasje, is it model fan dûbele ûnderdompeling fan belang foar it ûnderwiis yn Fryslân. Yn it boppesteande skema is dat nûmer 9: de 'two way/dual language' oanpak.

Ek Vogl (2002) komt ta in foarm fan dûbele ûnderdompeling as ideaal.

Neffens har is it ideale model foar Fryslân de **taalskoalle as magneetskoalle**: in foarm fan two way-bilingual ûnderwiis mei de klam op de promoasje fan mear talen. It begryp magneetskoalle komt út de Feriene Steaten. It stiet foar ûnderwiisprogramma's om in tal skoallen yn 'e getto's fan Amerikaanske stêden ek oantreklik te meitsjen foar blanken út 'e middenklasse. Dy skoallen hiene wat ekstra's yn har oanbod, bygelyks in spesjale oplieding yn natuerkunde of in frjemde taal as fiertaal foar inkele fakken. Yn Nederlân sykje saneamde brede en finsterskoallen nei manieren om ekstra learlingen oan te lûken en har optimale ûntwikkelingskânsen te bieden. Foar Fryslân soe dy magneet in stevich en eksplisyt meartalich ûnderwiisprogramma wêze kinne.

Op skoallen dy't wurkje mei dûbele ûnderdompeling praat bygelyks de helte fan 'e learlingen thús de dominante taal en de oare helte de minderheidstaal. De ferdieling fan 'e fiertaal yn 'e klas komt oerien mei de talige gearstalling fan 'e skoalpopulaasje. Dat betsjut dat yn 'e helte fan 'e ûnderwiistiid de minderheidstaal as fiertaal yn 'e klasse brûkt wurdt, en yn 'e oare helte fan 'e tiid is de mearderheidstaal de ynstruksjetaal.

It doel fan it model fan dûbele ûnderdompeling is folsleine twataligens foar alle learlingen. Dat doel kin eins allinnich berikt wurde, as de taalferhâlding op skoalle min ofte mear yn lykwicht is mei de taalferdieling binnen de learlingepopulaasje fan de skoalle. Navenant der mear bern op skoalle sitte dy't thús de mearderheidstaal brûke, sil de skoalle yn har taal-oanbod foar in kompinsaasje soargje moatte yn 'e minderheidstaal. De minderheidstaal soe dan yn 'e klas mear as fiertaal brûkt wurde moatte en soene der faaks ek mear lesieren bestege wurde moatte oan 'e minderheidstaal as fak. Fierders soe de status fan de beide doeltalen op in skoalle mei dûbele ûnderdompeling lykweardich wêze moatte. Dat betsjut dat it

net sa wêze moat dat foar de kearnfakken benammen de mearderheidstaal brûkt wurdt, en foar de minder sintrale fakgebieten de minderheidstaal. Ek soe it sa wêze moatte dat beide talen op basis fan lykweardigens, bygelyks yn 'e ynterne en eksterne kommunikaasje – sa as yn 'e skoalkrante – op skoalle brûkt wurde moatte.

Yn grutte linen fine wy it model fan dûbele ûnderdompeling werom yn it projekt de Trijetalige Skoalle yn Fryslân. Op 'e trijetalige projektskoallen is de ferdieling fan 'e fiertaal yn groep 1 oant en mei 6 om ende by 50% Frysk en 50% Nederlânsk. Yn groep 7 en 8 wurdt dit 40% Frysk, 40% Nederlânsk en 20% Ingelsk.

### **De winslike situaasje en de praktyk**

De Jong en Riemersma (1994, s. 237) stelle dat op skoalnivo amper sprake is fan in eigen kar foar in model foar twatalich ûnderwiis en it foar in protte basisskoallen ûndúdlik bleaun is op hokker wize hja it twatalich ûnderwiis it bêste stal jaan kinne. Ek de Ynspeksje (2001) komt ta sa'n konklúzje: in dúdlik taalbelied, rjochte op in optimale ûntwikkeling fan de taalfeardigens yn sawol de earste as de twadde taal, ûntbrekt. Vogl (2002) jout oan dat it net mooglik is om foar Fryslân ien dúdlik omskreaun model te neamen dat op in grutter tal skoallen brûkt wurdt. Hja komt ta de folgjende beskriuwing: op de helte fan 'e skoallen krije de learlingen allinnich ûnderwiis yn 'e mearderheidstaal, it Nederlânsk. Op 'e oare helte fan de skoallen wurdt yn guon gefallen de minderheidstaal, it Frysk, as fak jûn. Nederlânsktalige (en Frysktalige) bern krije yn guon gefallen ek by oare fakken les yn it Frysk. Inkeld in pear skoallen stribje nei twataligens foar alle learlingen. Dat binne de Opstap-skoallen en de skoallen dy't meidogge oan it projekt de Trijetalige Skoalle.

Mei it each op de aktuele en histoaryske ferhâldingen yn Fryslân foar it Nederlânsk en it Frysk oer, binne it fiifde en it njoggende model út it skema fan Baker en Jones it meast passend. Skoallen sille kieze moatte hokker fan dizze twa foarmen fan ûnderwiis yn twataligens sy yn it programma fan de skoalle útwurkje wolle: wolle se stribje nei folsleine of foar in part twataligens fan de learlingen?



## De selsregulearjende krusing

It is hjoed de Fryske dei. Yn groep 6 stiet ferkear op it roaster. René grypt dat fak oan om tagelyk de taalfeardigens yn it Frysk te stimulearjen. Jelmer en Auke hawwe foto's makke fan it selsregulearjende krúspunt yn 'e buert. De foto's wurde yn 'e groep besprutsen. 'Dizze frou mocht earst, mar dy auto gyng earst', fertelt Jelmer. René freget: 'Wêrom mocht dy frou earst?'. It begryp foarrang wurdt besprutsen. Myrthe fertelt dat har oma altyd in eintsje fierderop oersteekt. Oan de hân fan eigen ervarings en foto's yntrodusearret René begripen lykas 'foarrang', 'fuotgonger', 'rjochttruchgeand', 'ôfslaand', 'motorisearre ferkear'. Yn groepkes besprekke de learlingen dan de foar- en neidielen fan de selsregulearjende krusing. Wannear't dy foar- en neidielen dan mei de hiele klasse yntentarisearre wurde, soarget René derfoar dat hy de begripen wer werom komme lit.





## De Fryske Dei

Der binne skoallen dy't derfoar kieze fjouwer dagen hiel konsekwint Nederlânstalich te wêzen. Ien dei yn 'e wike binne hja lykwols efkes konsekwint Frysktalich. It foardiel hjirfan is dat Nederlânstalige bern makliker oer de drimpel fan it aktyf brûken fan it Nederlânsk holpen wurde en itselde jildt foar de Nederlânsktalige bern wat it Frysk oanbelanget. Sa'n skieding komt te'n goede oan beide talen. Boppedat is it hiel goed mooglik om neist in Fryske Dei ek nog in English Afternoon te organisearjen. Skoallen dy't mei in Fryske Dei wurkje, soargje derfoar dat de lessen Nederlânsk oer de fjouwer oare dagen ferdield wurde. Dit kin ynhâlde dat der neist it moarnsprogramma ek in aktiviteit yn it middeisprogramma pleatst wurdt. Net alle talige aktiviteiten hoege fansels plak te finen op 'e Nederlânske dagen. It is hiel goed tinkber dat aktiviteiten op it mêd fan technysk lêzen, begryppend lêzen en kreatyf en saaklik skriuwen ek op 'e Fryske Dei útfierd wurde. It prinsipe dat de iene taal de oare fuortsterket neame wy transfer.

Utgongspunt is dat leararen en learlingen hieltyd sa konsekwint mooglik omgean mei de fiertaal dy't ôfpraat is. Dit jildt foar it mûnling taalgebrûk likegoed as foar it skriftlik taalgebrûk.

## 2.2 Prinsipes foar suksesfol twatalich ûnderwiis

Yn de foarige paragraaf hawwe wy modellen foar it ynrjochtsjen fan twatalich (en meartalich) ûnderwiis behannele. Hjirûnder besprekke wy in tal útgongspunten dy't foar suksesfol twatalich (en meartalich) ûnderwiis fan belang binne. Cummins (1989) neamt trije algemien jildende prinsipes:

- 1 mearderjende twataligens,
- 2 transfer fan taalfeardichheden en
- 3 ynteraktive didaktyk.

Dizze trije prinsipes beskôgje wy as belangrike rjochtlinen foar it foarmjaan fan ferantwurde twatalich ûnderwiis.

### Prinsipe 1: Mearderjende twataligens

Yn hoefier't in minderheidstaal in struktureel plak ha moat op skoalle, hinget bot gear mei de statusferhâldingen tusken de talen/taalfarianten (sjoch ek Vallen, 2001). Wannear't it learen fan in twadde taal plakfynt yn in kontekst dêr't de earste taal in hegere status hat as de twadde taal (wannear't Nederlânsktalige bern ûnderdomepele wurde yn it Frysk), dan is dat in geunstich betingst foar it ûntstean fan folsleine twataligens by dy learlingen. Dit wurdt mearderjende twataligens neamd (additieve tweetaligheid, yn it Nederlânsk). De earste taal wurdt dan net bedrige troch de twadde taal, der komt in twadde taal by.

Lizze de statusferhâldingen tusken de talen oarsom (wannear't Frysktalige bern ûnderdomepele wurde yn it Nederlânsk), dan kin by learlingen minderjende twataligens ûntstean (subtractieve tweetaligheid). De earste taal wurdt dan yn en bûten de skoalle net foldwaande wurdearre en ûntwikkele. De basis fan de learlingen wurdt dan ûnder druk fan de twadde taal, dy't mear status hat, bedrige en de twadde taal kin dêr net op trochbouwe, sadat ek dêr minder resultaat boekt wurdt (sjoch ek Boelens, 1981).

Cummins (1989) konkludearret sa dat by bern op twa manieren mearderjende twataligens ûntwikkele wurde kin. By bern dy't út in (dominante) taalmearderheid komme, wurdt de earste taal sterk stipe fanút de maatskippij. Sy leare de twadde, minderheidstaal yn in stevich ûnderwiisprogramma. By bern dy't út taalminderheidsgroepen komme, moat har earste taal stipe wurde yn twatalige programma's op skoalle. Wannear't dy bern

dizze stipe net krije, is der in flinke kâns dat se beide talen net goed yn 'e macht krije.

Yn 'e Fryske ûnderwiissituaasje betsjut dit dat it Frysk op skoalle rom tiid en omtinken krije moatte sil. Sûnder dy ekstra stipe op skoalle, sil der by de Frysktalige learlingen maklik sprake wêze kinne fan subtraktive, **minderjende** twataligens. It learen fan it Nederlânsk (de twadde en maatskiplik sjoen sterkere taal) giet úteinlik ta skea fan it Frysk (de swakkere taal). Wannear't Frysktalige bern bygelyks har wurdskat iensidich yn it Nederlânsk ûntwikkelje, dan is dat fan dy gefolgen dat de wurdskat yn 'e eigen taal dêrtroch achterbliuwt. Sy kenne en brûke dan bygelyks wol in wurd as 'vergadering' of 'sleutel', mar net it Fryske 'gearkomste' en 'kaai'. Of se helje it Nederlânske 'leeg' en it Fryske 'leech' troch elkoar. Om it ûndergraven fan 'e eigen taal foar te kommen, sil de skoalle it Frysk by dizze bern fierder útbouwe moatte, en dus rom oan bod komme litte moatte.

Sûnder in stevige stipe fan 'e skoalle foar it Frysk sil it boppedat nei alle gedachten ek net sa wêze dat Nederlânsktalige learlingen ta in goede behearsking fan it Frysk as twadde taal komme sille.

Mei it each op in goede taalbehearsking fan sawol de Frysktalige as de Nederlânsktalige learlingen is it dêrom de wiiste wei om it Frysk yn de basisskoalleperioade in sterker plak te jaan as it Nederlânsk. Dat jildt foar it Frysk as fak én foar it Frysk as fiertaal. Yn in maatskiplike kontekst dêr't sprake is fan ûngelikense krêftsferhâldingen tusken de talen, sil der muoite foar dien wurde moatte om te kommen ta in lykwichtige taalûntwikkeling by de bern.

Wannear't in skoalle it Frysk sterk stimulearret, hoecht men der net fuort bang foar te wêzen dat dat skea oanrjochtsje sil oan de taalfeardigens yn it Nederlânsk fan de learlingen. De ûnderfinings mei it twatalich leger ûnderwiis yn Fryslân yn de foarige ieu hawwe dat al sjen litten (Wijnstra, 1976). De earste ûnderfinings mei de trijetalige basisskoallen yn Fryslân litte dat ek sjen (Ytsma en Beetsma, 2001). It Nederlânsk kriget by de bern ommers mear as genôch stipe fanút de maatskippij, omdat it taaloanbod fan it Nederlânsk troch de media geweldich grut is. Boppedat spilet hjir it twadde prinsipe dat Cummins neamt in rol: dat fan de transfer (oerdracht) fan taalfeardichheden.

## Prinsipe 2: transfer fan taalfearrichheden

In learaar stiet alle wiken sa'n 25 oeren foar de klas. Twatalich ûnderwiis hoecht lykwols net twa kear safolle tiid te nimmen. Dat komt trochdat ûnderwiis yn twa talen útgean kin fan it prinsipe fan de oerdracht fan taalfearrichheden fan de iene nei de oare taal. Dy oerdracht fan taalfearrichheden wurdt ek wol **transfer** neamd. It prinsipe fan transfer hâldt yn dat ûnderwiis yn taal A in positive útwurking hawwe kin op de behearsking fan taal B. Cummins omskriuwt dat útgongspunt sa (1989, s. 22): **'To the extent that instruction in Lx is effective in promoting proficiency in Lx, transfer of this proficiency will occur provided there is adequate exposure to Ly (either in school or environment) and adequate motivation to learn Ly.'**

(Al nei it ûnderwiis yn taal X effektyf is om de taalfeardigens yn taal X te befoarderjen, sil it oerdragen fan dy taalfeardigens nei taal Y plakfine, mitsdat der foldwaande bleatstelling oan taal Y is (op skoalle of dêrbûten) en der foldwaande motivaasje is om taal Y te learen.)

Oars sein: in ûnderwiisprogramma Frysk (taal X) sil neffens it prinsipe fan transfer in geunstige útwurking hawwe op de behearsking fan it Nederlânsk (taal Y). Dat jildt foar sawol Frysk- as Nederlânsktalige bern. Mar der binne neffens Cummins twa betingsten foar it ta stân kommen fan transfer fan taal X nei taal Y:

- 1 in foldwaande bleatstelling oan taal Y (yn en bûten skoalle),
- 2 in foldwaande motivaasje om taal Y te learen.

Oan beide betingsten wurdt yn 'e Fryske situaasje foar in transfer fan Frysk nei Nederlânsk oer it algemien foldien. Skoalbern komme in protte yn kontakt mei it Nederlânsk en se binne grif ek motivearre om har dy taal eigen te meitsjen. De sosjale druk om de dominante taal te learen is ommers dúdlik oanwêzich. Omdat oan beide betingsten foar transfer foldien wurdt, kinne wy derfan útgean dat transfer fan it Frysk nei it Nederlânsk yndie plakfine sil. De Nederlânske taal wurdt op in hecht Frysk taalfûnemint set en it resultaat is in optimale twatalige taalûntwikkeling.

Oarsom is lestiger. De transfer fan taalfearrichheden fan Nederlânsk nei Frysk fynt minder maklik plak, omdat dêrby net oan beide betingsten foldien wurdt. De transfer is dêrom net ûnmooglik, mar dy leit foar learlingen en learkrêft minder foar de hân. Wat jo by Frysk dogge, is mear in aardichheidsje en wurdt net sa serieus nommen. De easken binne der leger en it idee dat jo by Frysk alles wat jo leard hawwe, ynsette moatte om ta in

goed resultaat te kommen, twinget him minder sterk op. By transfer giet it benammen om 'djipper lizzende', taalûnôfhinklike feardichheden, lykas bygelyks tekstbegryp. In learaar dy't in Fryske les jout yn 'begripend lêzen', wurket dêrmei tagelikertiid oan in soarte fan ûnderlizzende, algemiene lêsfeardigens, dy't ek fan pas komt by 'begrijpend lezen'. Sa nimt twatalich ûnderwiis dus net twa kear safolle tiid yn beslach as ientalich ûnderwiis. De mienskiplike ûnderlizzende taalfeardigens makket nammentlik transfer mooglik. In beskate taalfeardichheid, bygelyks it begripend lêzen, oefenet de learling yn de iene taal, mar dêrnei kin hy dyselde feardichheid ek brûke yn 'e oare taal.

De oerdracht fan taalspesifike aspekten (lykas wurdkearn, spesifike grammatikale regels, stavering) kin minder maklik ferwachte wurde. In learling dy't de Fryske stavering leard hat, hat dêrmei de stavering fan it Nederlânsk noch net foar 't ferstân. De beide skriuwsystemen rinne dêrfoar te folle út elkoar. De Fryske en Nederlânske stavering binne (foar in part) aparte, frijwat op harsels steande feardichheden, dy't dêrom ek elk apart omtinken fertsjinje fan de learaar. Taalôfhinklike feardichheden sille dan ek yn it twatalich ûnderwiis yn beide talen eksplisyt oan bod komme moatte. Op dat punt freget twatalich ûnderwiis om dy reden mooglik wol wat mear tiid yn 'e klas.

Ta beslút merke wy noch op dat de learaar it optreden fan transfer yn syn twatalige didaktyk bewust fuortsterkje kin. By in ûnderdiel as begripend lêzen leare de learlingen bygelyks te ferwurdzjen hoe't se in tekst oanpakke yn it Frysk: **'Do sjochst oft der kopkes boppe stean'** of **'Do stelst earst by de titels de fraach en do sjochst dêrnei oftst in antwurd krigest op dy fraach'**. De learaar lit dêrnei de learlingen deselde lêsstrategyen oefenje yn Nederlânsktalige lêsteksten. Sa fuortsterket de learaar de transfer fan begripend lêzen yn it Frysk nei it begripend lêzen yn it Nederlânsk.

### Prinsipe 3: Ynteraktive didaktyk

It tredde prinsipe dat Cummins neamt foar goed twatalich ûnderwiis is it prinsipe fan de ynteraktive didaktyk. Dit útgongspunt hâldt út dat taal-learnen benammen plakfynt yn 'betsjuttingsfolle kommunikaasje': it petear giet oer in ûnderwerp dat ynteressant is foar alle dielnimmers en se kinne der allegear in eigen bydrage oan leverje. It giet der yn oare wurden om, om it funksjoneel brûken fan beide skoaltalen yn realistyske taalgebrûkssituasjes, dy't de learaar bewust kreëarre kin yn 'e klas. Dit docht sterk tinken oan it **ynteraktyf taalûnderwiis**, lykas dat troch it Expertisecentrum Nederlands útwurke wurdt.

Ynteraktyf taalûnderwiis giet út fan it sosjaal, betsjuttingsfol en strategysk learnen fan taal en siket nei in lykwicht tusken learkrêft- en learlingstjoerd ûnderwiis. By ynteraktyf ûnderwiis harkje en prate, lêze en skriuwe learkrêft en learling.

Om in taal te learnen is it bleatstellen oan dy taal net genôch: it taaloanbod moat foaral te begripen wêze. De learling nimt it oanbod lykwols allinnich yn him op, wannear't er aktyf wat mei dwaan kin en de taal brûke sil yn syn taalproduksje. Foar de learling hat it sels brûken fan de hearde en lêzen taal twa funksjes: hy oefenet wat er leard hat en hy jout himsels de mooglikheid om feedback te krijen (fan himsels, fan klasgenoaten en fan de learkrêft). Boppedat hat de learkrêft de taalproduksje fan de learling nedich om in idee te krijen en te hâlden fan wat de learling leart. In taal leare jo ek troch dy taal sels te brûken. Taaloanbod allinnich is net genôch, it kin net sûnder eigen taalproduksje (en de feedback dêrop).

Foar twatalich ûnderwiis yn Fryslân betsjut dit dat it Nederlânsk en it Frysk beide as fiertaal op skoalle brûkt wurde, sawol troch de learaar as troch de learlingen. In Nederlânsktalich skoalbern leart net Frysk te praten troch in protte te harkjen nei it Frysk fan 'e learaar en de Fryske klasgenoaten, mar foaral troch it Frysk sels – mei fallen en opstean – te brûken.

Oarsom leart in Frysktalich bern him mûnling goed en flot yn it Nederlânsk te uterjen troch geregeldwei Nederlânsk te praten. Dêrfoar is it nedich om hieltyd funksjonele taalgebrûkssituasjes yn 'e klas te kreëarjen, dêr't de learlingen ûnderling it Frysk en it Nederlânsk aktyf mûnling brûke. Tink bygelyks oan gearwurkjen, tegearre in probleem oplosse, it hâlden fan sprekbeurten en presintaasjes nei oanlieding fan útwurke tema's.

Dit prinsipe jildt dus net allinnich foar it mûnling taalgebrûk (ferstean en prate). It is likegoed fan tapassing op it skriftlik brûken fan 'e taal. Lêze en skriuwe is ommers ek kommunisearje. Twatalich ûnderwiis sil yn 'e ideale situaasje dan ek útgean moatte fan in grut ferskaat oan funksjonele lêse- en skriuwtaken yn beide talen. Dêrom is in keppeling fan taal mei oare lear- en foarmingsgebieten sa wichtich. De wrâldoriïntearjende fakken biede poerbêste, 'natuerlike' mooglikheden foar funksjoneel taalgebrûk.

## Oandachtspunten

- 1 Dit haadstik beskriuwt in ideale situaasje foar suksesfol twatalich ûnderwiis. Yn hoefier foldocht jo situaasje hjiroan? Wat binne de tûkelteammen? Hokker oplossingen kinne jo foar jo situaasje betinke en realisearje?
- 2 Yn 'e tekst wurdt it foarbyld fan lêsestrategyen brûkt om sjen te litten dat in learaar yn syn didaktyk it optreden fan transfer fuortsterkje kin. Fan hokker transfermooglikheden hawwe jo oant no ta gebrûk makke? Hokker mooglikheden sjogge jo noch mear om transfer te fuortsterkjen?
- 3 Yn dit learplan wurdt derfan útgien dat in skoalle twatalich neamd wurde mei, wannear't beide skoaltalen as fak ûnderwiisd én (min ofte mear) as fiertaal by oare fakken brûkt wurde. Yn hoefier foldocht jo skoalle oan dizze kritearia?
- 4 Yn 'e tekst wurdt steld dat it brûken fan it Frysk as fiertaal (yn in ideale situaasje) tanimme moatte soe navenant der mear bern op skoalle Nederlânsktalich binne. Yn 'e Fryske ûnderwiispraktyk is dat earder oarsom: der wurdt minder Frysk as fiertaal brûk navenant der mear bern op skoalle Nederlânsktalich binne. Wat is jo miening oer dizze tsjinstelling tusken teory en praktyk?
- 5 Der binne âlden yn Fryslân dy't fan betinken binne dat mear Frysk op skoalle ta skea is fan 'e behearsking fan it Nederlânsk by de learlingen. Komme jo dat ek tsjin? Wat is jo reaksje dêrop?







Hoe ver is het eigenlijk van hier tot Tokio?  
QUIZ?

2004 - 2009  
Quiz?

100  
100  
100

Abdullah  
Manting  
1 van 31



## In tema út Studio F

Groep 5 wurket oan it tema 'Natoer' yn Studio F. Ferline wike hawwe sy it televyzjeprogramma besjoen dat der by heart, om har te oriëntearjen. Dizze wike wurket elts foar himsels oan de hân fan opdrachtkaarten. Harm hat in reade kaart. Hy kin it Frysk in lyts bytsje ferstean, mar hy kin it net lêze. Op syn reade kaart is de ynstruksje dan ek yn it Nederlânsk. Hy moat harkje nei in Frysktalich lûdsfragmint en dêrom krijt er syn eardopkes út it fak. Dêrnei sjocht er of der in mp3-spiler frij is.

Mariëlle hat in giele kaart. Sy is dwaande mei in skriuwo opdracht.

Earne oars yn it lokaal wurkje learlingen oan presintaasjes foar de fjirde wike, de lêste wike fan it tema.